De Twirre



desimber 2022

Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 39e jiergong nr. 4: desimber 2022. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 febrewaris by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra till. totzondag@gmail.com	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmentlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl	0545 - 29 28 36
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com	0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com	074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com	074 - 242 7217
	vakature	
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com	

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn ’t jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

As nij lid fan de krite ha har opjûn: mefr. G. ter Heide en de hear R. van der Velde út Haaksbergen. Wy hoopje dat se it by ús nei ’t sin ha sille. Graach oant sjen op ien fan de krite-aktiviteiten.

Belangrike data

sneon 28 jan.	Jiergearkomste yn boarterstúngebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Kritelid Lieuwe Seinstra sil nei it skoft wat fertelle oer syn hobby, Modelbou. Ynrin: 13.30 oere.
sneon 4 mrt.	Toanieljûn by Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. *De Lytse Komeedzje* út Drachten mei de klucht "Ik wol gjin oare mem". Oanfang: 20.00 oere.
16 nov.	It Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier!

It jier 2023

It nije jier 2023 is al begûn as dit boekje by jim yn 'e bus falt. Sa't it liket kin dit jier alles wer *"gewoan"* trochgean, dus de aktiviteiten fan de krite ek. We begjinne op sneon 28 jannewaris middeis mei de jiergearkomste. Mear ynformaasje dêroer fierderop yn dizze Twirre.
Folle lok en seine foar elkien en oant sjen! ☐ It bestjoer

Freonlik fersyk fan de ponghâlder

Wolle jim sa gau mooglik de kontribúsje oermeitsje op de bankrekken fan Freonen Fryske Kultuer NL08 INGB 0004 2915 44? De kontribúsje is 20 euro foar ien persoan en 35 euro foar in pear. ☐ Pier Bergsma

Samar in gedachte *(Geke Sprokkerieft)*

De jierren riigje oanelkoar,
de tiid ferdwynt yn 't neat.
De measte dingen gean teloar.
Wy binne net by steat
en hâldt wat west hat fêst.
Mar 't goede dat wy diene,
dêr't oaren wat oan hiene,
ferlichtet ús de lêst.

Fryske tsjerketsjinst yn Twekkelo

Nei in pear jier fanwege corona wie der wer in tsjerketsjinst yn it noflike lytse Johannestsjerkje fan Twekkelo. No wie dat snein 27 novimber om 14.30 oere. Siebe en Monica hienen dizze tsjinst de lieding en ek de tarieding. Op it oargel spiele Han Kolthof, dy't sels in stik fûn hie fan in Fryske komponist, dat wie moai om te hearren. Der kamen sa'n 50 minsken op dizze suterige snein nei Twekkelo. It tema fan dizze tsjinst wie: Wachtsje. Wêrom wachtsje? Yn it libben wachtsje wy allegearre eltse kear wer op fan alles. Der wie in moaie tekst oer wachtsjen en dat nimme wy mar efkes oer (hjirûnder). Nei ofrin wie der kofje, tee, en gesellich neisitte en fansels dúmkes, bakt troch Grieteke.

□ Groetnis fan Hidde en Tia

Wachtsje docht in minske net graach

Opsjitte is it paroal wurden, tiid is jild. Sa ferlieze wy it besef dat wachtsjen bêst sinnich wêze kin. Ik leau dat wachtsjen bêst fan grutte wearde wêze kin. Ik leau dat driuwerichheid jins minslikheid te nei komme kin.
Ik leau dat wachtsjen is: oandacht hawwen foar!
Wachtsje, noed ha, romte meitsje foar wat komt. Ik leau dat wachtsjen net stilsitten is, mar rikken nei, dat ús wachtsjen férwachtsjen is.
Ik leau dat wachtsjen in tiid fan rypjen wêze kin, in tiid fan bewust wurden en fan groei fan in nij begjin. Ik leau dat ferwachtsjen wurde kin ta wurkjen oan, net mei de earmen oer inoar sitte, mar mei de hannen út de mouwen stekke.
Ik leau dat wy meihelpe kinne oan dat nije Ryk dat wy ferwachtsje.
Ik leau dat we meihelpe kinne oan in mienskip dy't ljocht bringt.
Us wachtsjen is noed hawwen en wurkjen, oan't it ljocht is foar eltsenien en yn alles. □

Wachtsje foar Warten

Fryske plaknamme-buorden kinne noch wolris foar fertizing soargje. Der komme simmers noch al ris Dútske toeristen yn de provinsje. Dy binne yn in simmerhúske of se ha ergens in boat yn de jachthaven.
By it doarp Warten (Wartena) stiene de Dútsers kreas te wachtsjen oant se wer fierder ride koene. Ja, dat kin dêr lang duorje. □

Nijjiersrede

Us foarsitter hat syn nijjiersrede wer holden. Lykas alle jierren lies er it op út in skrift. Sa as dat heart seach er werom en foarút. De feriening koe tankber wêze foar wat der yn it ôfrûne jier berikt wie. Wy hiene noch gjin reden om foldien te wêzen. Dat lêste moast ús oantrune om it kommende jier noch better ús bêst te dwaan. Yn dy geast wie ’t sawat. In knap stik wurk. Mar Jetse hie der gjin goed wurd foar oer. Ik tink, sei er, dat ik dit no tsien kear heard ha. Ik kom trou op ’e jierfergadering.
Sa lang Popke foarsitter is, hat er dit selde stik alle jierern foarlêzen. Ik sis it jo dat er hjir lang mei ta kin. Al bliuwt er noch tsien jier foarsitter, dit kin er altyd wer brûke. Der sil wol noait in jier komme dat wy oer alle boegen foldien binne. Dan mar wer in nij jier om beter ús bêst te dwaan. Ik wit wol, it is mar ien kear yn ’t jier. Popke hat der ek mar in goed kertier lêzen oan. Dêrom woe ’k noch wol dat er ek ris mei wat nijs kaam. Dit falt my fan Popke ôf. □ Paulus Akkerman, út “Wat wie ’t wat”

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Harns. Yn alle oare plakken waard in skûtsjesyl-wedstriid holden, mar net yn Harns.
No noch sa’n soart puzeltsje: Yn it neikommende rychje Fryske plaknammen heart ien net thús. Hokker?
Bakhuzen, Gytsjerk, Boarnwert, Drachten, Appelskea, Frjentsjer, Seisbierrum, Bûtenpost, Earnewâld, Ginnum, Aldegea.
In tip: typ se mar ris yn op jo kompjûter. It kin ek wêze, dat der wol in oare oplossing is, as dy’t ik yn’e holle ha. □ Eeke

Kimswert, it doarp fan grutte Pier

Parten fan de Laurentiustsjerke fan Kimswert datearje út de alfde iuw en de fûneminten binne noch âlder. De mooglikheden om de tsjerke fan binnen te besjen binne net grut mar ek oan de bûtenkant is de âlderdom fan parten fan de muorren goed te sjen. Mochten je al nei binnen komme kinne; de preekstoel is in jewieltsje! Ferneamder noch as de tsjerke is Grutte Pier. Pier Gerlofs Donia wie in freedsume boer yn Kimswert. Mar doe't syn doarp en de pleats platbaarnd waarden troch Saksyske oermasterers, feroare er yn in neatmijende frijheids-strider. Hollanners, Saksen en oaren dy't de Fryske frijheid te nei kamen, krigen te meitsjen mei dizze grutte man en syn enoarm grutte swurd. Grutte Pier fierde Fryske kampanjes tsjin de stêden yn West-Fryslân en hy hie de lieding oer de kaperfloat op de Sudersee. Folle ferhalen dy't oer him ferteld wurde, binne noch sterker as dat er sels west ha moat. Oan him wurdt it bekende sechje taskreaun: *"bûter, brea en griene tjiis, wa't dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries."* It gie dan benammen om lju fan skippen op de Sudersee. Syn stânbyld oan de Greate Pierwei, makke troch Anne Woudwijk, jout wol in yndruk fan ien dêr't je better net mei spotte kinne, krekt as de ôfbylding op it úthingboerd fan herberch Greate Pier. Syn ferneamde swurd hinget yn it Frysk Museum. It bertedoarp fan Grutte Pier is in beskerme doarpsgesicht. Grutte Pier: *www.gruttepier.com*

- Annemarie Bergfeld: "200 Plekken die je in Friesland echt gezien moet hebben"

Grutte Pier

It swurd is echt.
It swurd fan Grutte Pier is even fuort west foar wittenskiplik ûndersyk, û.o. nei de universiteit fan Oxford. Dat ûndersyk hat útwiisd dat it swurd fan Pier echt is. Dêr waard wolris oan twifele. It komt út de tiid fan Grutte Pier en it is ek echt brûkt. Mar der stienen gjin fingerprinten mear op.

Film oer Grutte Pier.
Op 18 oktober is de film "Grutte Pier" yn premjêre gong yn Snits. It wie in feestlike middei dêr't ek in byld ûntbleate is fan de Learzen fan Pier by syn lêste rêstplak yn de de tsjerke fan Snits. Der komt in ferfolch op dizze film, it twadde diel fan de Grutte Pier trilogy: "Floris fersus Grutte Pier". Rezjy: Steven de Jong.

Oer it Frysk

Taalkonferinsje. Heal septimber is yn Ljouwert de twadde Conference on Frisian Humanities west. Op de konferinsje wiene yn trije dagen 75 wittenskiplike presentaasjes op it mêd fan de Fryske taal, Fryske skiednis en Fryske literatuer. It giet dêrby net allinnich om Fryslân yn Nederlân, mar ek om East-Fryslân en Noard-Fryslân yn Dútslân. De sprekkers kamen û.o. út Fryslân, Baskenlân, Dútslân, Italië en Amearika.

Biografy Tony Feitsma. Op de earste dei gie de measte belangstelling út nei de presentaasje fan de biografy oer prof. Tony Feitsma (1928 - 2009): "Pionier foar it Frysk". Liuwe Westra hat 2,5 jier dwaande west om it wurkbere libben fan de kleurrike en striidbere Feitsma yn kaart te bringen. It earste eksimplaar wie foar de Kommissaris fan de Kening. Tony Feitsma wie fan 1976 ôf heechlearaar Frysk oan de Vrije Universiteit fan Amsterdam, oan't de learstoel yn de 90-er jierren fuortbesunige waard. Neffens Westra wie Tony Feitsma hiel heechtûk (hoogbegaafd)! Se wie sân dagen yn 'e wike mei de Fryske taal besteld.

Dútslân en de lytse talen. Dútslân moat folle mear dwaan om de kwetsbere minderheidstalen, it Noardfrysk yn Sleeswyk-Holstein en it Sealterfrysk yn Nedersaksen, te beskermjen. Dat stiet yn in kritysk rapport oer de beskerming fan de minderheidstalen fan de Ried fan Europa. It regear moat der foar soargje dat der gau in grutter ûnderwiisoanbod komt foar it Sealterfrysk en it Noardfrysk. Ek moat Dútslân befoarderje dat der foldwaande ûnderwizers binne dy't les jaan kinne yn dy beide lytse talen.

Ried fan de Fryske Beweging is "poer". De Ried fan de Fryske beweging is poer (hiel lulk) om de besunigingsplannen fan de provinsje op 't Frysk. Dy binne mooglik yn striid mei de wet. It Ryk en de Provinsje ha in mienskiplike soarchplicht foar de Fryske taal en Kultuer. Provinsje Fryslân wol de kommende jierren struktureel 7,2 miljoen euro besunigje. Dat is nedich om't de provinsje oars miskien yn de reade sifers bedarret.

30 jier Europeesk Hânfest regionale talen. Op 5 novimber wie it 30 jier lyn dat Nederlân it Europeesk Hânfest foar de regionale talen ûndertekene. It hânfest is in fûnemint ûnder it gebrûk fan it Frysk yn bygelyks it ûnderwiis, de rjochtbank en de iepenbiere romte. Lang net altyd wurdt foldien oan de easken fan it hânfest. Friezen binne te beskieden en moatte grutsker wêze op har eigen taal! □

Jiergearkomste op sneon 28 jannewaris

Op sneon 28 jannewaris ha we de jiergearkomste fan de krite. It is wer yn boarterstúngebou Boswinkel, Beneluxlaan 50 yn Enschede. Om healwei twaën begjinne we mei nijjierswinsken en kofje of tee mei oranjekoeke. We sjogge werom nei it jier dat achter ús leit, der wiene in pear aktiviteiten, mar de "gewoane" jûnen ha wy net hâlde kinnen. Us ponghâlder sil de sinteraasje foarlizze. En we besprekke de plannen fan it bestjoer foar it kommende jier.
Us kritelid Lieuwe Seinstra sil wat fertelle oer syn bysûnder nijsgjirrige hobby; it meitsjen fan miniatueren. Ferskate minsken binne dêr op allerhande manieren mei dwaande. Hja hawwe yn Hengelo in eigen kluphûs mei de namme "Modelbouw club de Nijverheid". In prachtich oanlein terrein, wêr't jo, as je net útsjogge, stroffelje oer de kranen, sjowels, frachtweinen, auto's, ensfh. Ek sylboaten, jachten en frachtskippen farre der rûn. Lieuwe kin der optein oer fertelle en de bylden derby binne bjusterbaarlik. Ek al binne jo net technysk oanlein, it bliuwt leuk om te sjen. Mar pas op, it stekt oan! We tinke dat it in moaie middei wurdt! Wolkom.
Dus, oant sjen op 28 jannewaris.

□ It bestjoer

Fan jongs ôf

Grutsk. Myn heit skreau elke dei in pear rigels yn syn deiboek. Sa skreau er op 7 jannewaris 1952, ik wie doe twaënheal jier âld: *"Siebe Hieltje heeft uit de oude Bleike de eerste stralen melk gehaald."* Op hokker leeftyd moat in boeresoan mei melkerslessen begjinne? Myn heit seach wol in goeie boer yn my. It is 'm net wurden.

Jong leard, âld dien. Myn frou en ik moatte in hûs leechromje fan in omke en muoike dy't koart nei mekoar stoarn binne. Se hiene gjin bern. Wat krije je in soad spul as je min dingen fuortgoaie kinne. En safolle âlde papieren, sa as in spoarboekje út 1986 en atlassen, wegekaarten, foto's, dia's, ensf, ensf. Einliks moatte je al fan jongsôf leare om dingen fuort te kiperjen. Sa as de poppe, noch gjin oere âld, dy't lekker yn 'e widze leit en nei syn mem glimket: "Ik lis hjir hiel lekker, goai myn foarige wenninkje moar fuort." En dy neikream giet yn de kliko. Opromje! Jong leard, âld dien!

□ Siebe H. Hiemstra

Aldjierstinzen *(Gjalt Huizinga)*

Nachten binne lang en tsjuster
dagen gean yn damp en rein
hjoed is allyk oan moarn en juster;
in jier lûkt nei de ein.

De beammen fan har blêden ûntdien
stean klomjend tsjin de grouwe loft
de grûn is wiet en ûngedien
natuer hâldt wer har winterskoft

It boulân leit mei rjochte fuorgen
kâld glinsterjend yn it feale ljocht
keal eagje greiden, slim fersmoarge
gjin fee dat men noch earne sjocht.

't Lûdroftich fûgellûd is wer ferstomme
de wrâld leit no sa dead en kâld
't is krekt as moat dy wat bekomme
of is 't de amme dy't se hâldt?

Wat kin in jier dochs gau foarby gean
it glydt jin út de hannen wei
it is de gong fan 't ierdsk bestean
en ek de tiid fan 't jier giet mei

It makket suver wat weemoedich
as men dit allegear oertinkt
mar stimt ek tagelyk wer moedich
om it nije jier dat hjir blinkt.

Pinfiskje

De âld boer wie stoarn. Dûmny kaam te kondolearjen en pinfiske nei de finansjele sitewaasje. Faaks koe de tsjerke noch wat fange. "En, hie de boer noch wat yn 't knipke," frege er. De húshâldster hie fuort yn 'e gaten wêr't dûmny op ta woe. "No," sei se, "Dat sil ik jo gau sizze, dat sit sa: it hea is op en de ko is dea!"

☐ Marten de Boer

Sneon 4 maart, kritejûn by Vrieler

Op sneon 4 maart ha we wer in kritejûn yn seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. *De Lytse Komeedzje* út Drachten komt by ús mei de klucht: "Ik wol gjin oare mem". Lykas mei alle kluchten, sil it wol goed ôfrinne, nei in oantal fermakelike ferwikkelingen. Bram de Groot docht yn fersekeringen en hy kin in oar rayon derby krije. Mar hy moat troud wêze. De minsken dêr't hy de saak fan oernimme sil, binne frijwat apart en binne ek noch bot konservatyf. Dit soarget foar frjemde ûntwikkelingen op it toaniel. Bram is widner, syn dochter Desiree sjocht syn avontûren op internet net sitten. Se probearret fan alles om foar te kommen dat har heit yn de fûke fan Christien telâne komt.
Dit selskip hat al earder in optreden foar ús fersoarge. Yn it skoft wer in gesellige ferlotting en gelegenheid om by Eeke Fryske boeken te keapjen of te lienen. We tinke dat it in fleurige en gesellige kritejûn wurdt.

Sneon 4 maart, *De Lytse Komeedzje* út Drachten mei de klucht "Ik wol gjin oare mem". Seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. Oanfang: 20.00 oere. Yntree: leden fergees; net-leden 9,50; studinten 5,00. Mei ferlotting en ferkeap/útlien fan Fryske boeken. Ha jo gjin ferfier of sjogge jo der tsjinoan om yn it tsjuster te riden, belje dan mei Grieteke van der Veer: 074 - 2918564.

Nijs út Fryslân

Jentsje Popma stoarn. Op 27 septimber is de skilder en byldhouwer Jentsje Popma stoarn yn de âldens fan 100 jier. Jentsje Popma wie in man mei in misje. Hy woe oproppe om soarchsem te wêzen foar de natuer. Hy is wol beskreaun as in fleurige ûnheilsprofeet. Hy skildere kleurrike lânskippen. Hy hat syn wurk neilitten oan de stifting Nijkleaster yn Jorwert.

Hessel en Tess opholden. Hessel en Tess binne opholden mei it jaan fan konserten yn kafee De Groene Weide yn Hoarn op Skylge. Hessel van der Kooi set nei mear as 50 jier in punt achter syn sjong-karrière. Dêrfan stie er sa'n 25 jier mei syn dochter Tess op de planken. Fanwege stimproblemen by Tess hat it duo besletten net mear op te treden. Op 6 novimber wie it âlderlêste optreden fan Hessel en Tess yn De Groene Weide. It publyk song it hiele konsert manmachtich mei.

Aldfryske hânskriften krije Unesco Memory of the Worls status. It giet om de saneamde Richthofenkolleksje fan Tresoar. Dy omfettet bysûndere Aldfryske wetteksten út de Midsiuwen. It bestiet út tsien hânskriften mei Midsiuwsk Frysk rjocht, út de perioade fan 1350 oant 1600. Seis fan de hânskriften binne skreaun yn it Aldfrysk, de midsiuwske foarrinner fan it hjoeddeistige Frysk. It is de wichtichste kolleksje fan midsiuwsk Frysk op 'e wrâld. It Aldfrysk is de taal dy't yn de Midsiuwen yn Fryslân, Grinslân, Noardhollân en it noardwestlik kustgebiet fan Dútslân praat en skreaun waard. Yn dat hiele kustgebiet jilde ek it Aldfryske rjocht. It Memory of the World programma is in ynternasjonaal inisjatyf om weardefolle argiven, kolleksjes en wurken te bewarjen, tagonklik te meitsjen en der omtinken foar te krijen. Der binne ferskate kolleksjes mei Aldfryske teksten, mar de Richthofenkolleksje wurdt sjoen as ien fan de topstikken. □

Fryske siswizen

- Better let as net, sei de koster en hy gyng nei tsjerke doe't dy útkaam.
- Witte hoe let as it is.
- Lang om let.
- Te let en te ier ha beide gjin tier.
- Moaie lju komme jûns let.
- Moarns let, de hiele dei let.
- In lette Peaske jout in lette Pinkster.

De universitêre wrâld en it Frysk

Fan't hjerst stiene der wer ferskillende lûden oer de ûntwikkeling fan it Frysk yn de Ljouwerter krante: it iene posityf, it oare pessimistysk.

Lit my mei it earste begjinne. De fan oarsprong Poalse mefrou Nika Stefan, as taalkundige ferbûn oan de Fryske Akademy yn Ljouwert, promovearre yn oktober op har yn it Ingels skreaune proefskrift *Spoken Frisian*. Der wie oant no ta wol in soad ûndersyk dien nei it Frysk as skriuwtaal, it saneamde geef-Frysk, mar net nei hoe't de Friezen it deistich prate. En dat fernuvere har, want der is gjin Fries, dy't fan himsels seit dat er it Frysk geef praat. Se hat mei 250 minsken in djipte-ynterview hân en dy wiene helle út 3700 dielnimmers fan in oar grut taalûndersyk yn 2018.

Se kaam ta in opmerklike konklúzje: ientredde fan de Frysk-praters binne twadde-taallearders mei it Nederlânsk as memmetaal. Dy brûke de Fryske grammatika like goed as de fan-hûs-út Friezen. Wol sitte der wat mear Nederlânske wurden yn. Fan'e oare kant fine se ek gau, dat alles wat op it Nederlânsk liket, ferkeard is: *distânssearringssucht* neamde Geart van der Meer dat yn it kultureel tydskrift De Moanne. Mefr. Stefan fûn it taalnivo fan de fan-hûs-út Frysk praters heech: in hiel soad wurden wiene de minsken wol bekend, sûnder dat se dy noch brûkten.



Mar no de tebeksetter: heechlearaar Frysk yn Grins, Goffe Jensma, is yn oktober mei emeritaat gien. Der is gjin nije heechlearaar beneamd, mar in universitêr dosint en ek mar foar 2 dagen yn'e wike.

Yn 1980 koest noch oan 5 universiteiten Frysk studearje, no allinnich noch yn Grins as ûnderdiel fan de yn 2012 oprjochte studyrjochting *minorities and multilingualism* (alles giet tsjintwurdich oan de Nederlânske universiteiten yn it Ingels). Der wiene te min studinten Frysk foar in selsstandige studyrjochting, wie de gedachte. Mar dizze lêste útklaaiing fan de frisistyk giet in hiel soad Fryske skriuwers en wittenskippers no fierst te fier. Se roppe de universiteit Grins op om in nije sollisitaasje-proseduere te starten foar in heechlearaar.
Ek de provinsje Fryslân en de minister fan ynlânske saken wolle dat, want dy jouwe beide in heal miljoen subsydzje oan de universiteit om de posysje fan it Frysk op peil te hâlden.

Ynsprekmaraton
En wat kin de gewoane Fries (ek de Fries om utens) sels dwaan ta behâld en it brûken fan it al dan net geve Frysk yn de sosjale media? Der rint oant 21 febrewaris 2023 ta de Fryske Ynsprekmaraton. Elk dy't Frysk praat, kin sintsjes ynsprekke op tillefoan, tablet of kompjûter. Sjoch op: *ynsprekmaraton.frl* Der binne 300 oeren noadich! ◻ Eeke de Boer

Snie yn Menaam

Snie yn Menaam - it brechje is sjippe,
't Feintsje woe der eefkes fluch oerhinne wippe...
kâlde poepert, wite broek en sawat in snoek!
Snie yn Menaam - de feart is bedobbe -
't Eintsje der op, derboppe in kobbe.
Neat te slobjen, hast gjin foer -
foar de fûgels is 't in toer!
Snie yn Menaam - in doarp wyt en griis
"Soe 't wer snije of krij' wy sterk iis?"
It praat oer de loft
is net fan de loft.

(advertinsje)

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgongspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden
tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres
Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in kompleet oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Ir. Abe Bonnema Stichting · provinsje fryslân provincie fryslân · SNN · Ministerie van Economische Zaken, Landbouw en Innovatie · BankGiroLoterij CULTUUR MAAKT JE RIJKER

Resept: sprútsje stamppot

1 kg krommige jirpels; 1 kg sprútsjes; 150 gr belegen kominetsiis; 50 gr hazzenuten; 150 ml molke; 30-50 gr bûter; 1 folle ytl moster; fask raspe nútmuskaat en sâlt en piper út 'e mole.

Jirpels skile en yn ûngefear like grutte lytse stikken snije. Yn wetter mei sâlt gear sierde yn ûng. 15 minuten. De taaie stronkjes en bledsjes fan de sprútsjes ferwiderje en de sprútsjes yn in oare panne ek mei wat sâlt yn wetter gear sierde. De hazzenuten yn in droege pankoekspanne ljochtbrún roasterje en grof hakselje. De tsiis raspje. De molke mei de bûter en moster yn in pantsje opwaarmje. De jirpels en de sprútsjes trochynoar stampe. De tsiis en de waarme molke der troch hinne rierde. As it te stevich is, der noch wat molke of bûter by dwaan. Op smaak meitsje mei sâlt en piper út de mole en eventueel wat farsk raspe nútmuskaat. Bestruie mei de hazzenuten.

□ út: "Het grote zónder pakjes of zakjes kookboek"

Snie *(Tjits Peanstra)*

De stoarmwyn hoart om hûs en hiem
de winter is op kommen.
der sjonge amper fûgels mear.

Fertoarke lizze blommen,
mids blêdeguod yn weake grûn,
it fee stiet mâl te bearen;
sa gyngen de seizoene rûn,
hiel stadich, net te kearen.

Dan op in moarntiid, leit der snie,
de lûden klinke hoar,
in lêste hokling balt.

Ik stean ferwûnd're bûtendoar
omdat hast net te fetsjen wie
hoe 't dan de stilte falt.

Tiden hawwe tiden

Ik fûn dizze dagen in âlde foto út 1959. Hjir is de bedriuwskolleksje te sjen fan W. Tel út Aldehoarne. Ik stean der op mei myn suster Tjitske en broer Reinder. Der waarden doe destiids yn Fryslân oeral pleatslike fee-keurings hâlden, sa ek yn Jobbegea. Wy hawwe der mei nocht oan mei dien. Jim sjogge hjir op de foto dat doe noch it Fryske typ yn'e moade wie, mear fleis op de skonken as hjoed de dei. Us bedriuwsgroep krige gjin earste priis, de konkureensje wie dochs wol grut.
Yn 1959 joeg in ko by ús sa'n 5300 liter molke yn't jier mei 3,9% fet. Yn de 80-er jierren kaam dan it Amerikaanske Frysk-Holstein typ op it kleed. Dy binne folle mear fokt op molke jaan en minder op fleis. Tsjintwurdich jouwe de kij sawat 10.000 liter molke per ko yn't jier. Ik tink soms wol moat dat no sa raar, mar ja ik bin net mear boer. ☐ Hendrik Tel

Bokwerters

Verhip het is gluipende koud! Ik zou de handen maar in de buise houden.
Het heeft hard gefreren. De redens maar uit het vet halen, denk?
We zetten de sokken er in. Ik heb mijn nocht.
Zullen we maar gauw warme poeiermelk hebben?

Boekenijs

De oarloch fan Jan Snip, Ferdinand de Jong. Ferdinand de Jong fertelt yn dit boek it ferhaal fan syn pake Jan, beppe Saakje en harren húshâlding. Yn'e twadde wrâldoarloch bebuorken dy in komelkerspultsje oan de igge fan it Nannewiid, by de doarpen Sint-Jânsgea en Rotsterhaule. Yn de rin fan de oarloch bedarret Jan stadichwei djipper yn it ferset, mei alle gefaar dat soks meibringt. Dit boek wie in kadoboek tidens de Fryske Boekewike dy't fan 29 oktober oant 6 novimber wie.

Hilde ferstjitten, Nelly Jongsma. Hilde is in jong en gefoelich famke mei âlden dy't net folle oandacht foar har hawwe. Se wennet dan wol yn in moai en lúks hûs, se mist de âlderlike oandacht alle dagen. As se mei 17 jier swanger wurdt, krijt se in drege tiid foaral as se beslút dat se it berntsje hâlde wol en gjin steun kriget fan har âlden en oare famylje. *Priis: 18,50.*

Covidwiksel, Sietse de Vries. De skriuwer Sietse de Vries belâne slim siik mei koroana yn it sikehûs. Hy krige dêr ynspiraasje foar dit boek omdat der soms sprake wie fan fertizing. Der lei ek in Jan de Vries yn it sikehûs. Sietse skriuwt de earste haadstikken foar dit boek op briefkes dy't er fan de suster krige. Wat soe der barre as de iene De Vries op it plak bedarre fan de oare? *Priis: 17,99.*

Reade Boarre yn Standertfrysk. De ferneamde roman "De Reade Bwarre" fan Trinus Riemersma is no ek yn it Standertfrysk te lêzen. Jetske Bilker hat sân moanne dwaande west mei it oersetten fan it wurk. Riemersma hie syn eigen stavering en hy skreau it boek neffens syn eigen útspraak. Bilker tinkt dat Riemersma it wol wurdearje koe dat syn wurk no oerset is. Hy skreau syn kollums letter ek yn it Standertfrysk. *Priis: 29,50.*

In fauna fan ingels, Durk van der Ploeg. De haadpersoan yn dizze roman is in groanysk psychiatrysk pasjint dy't yn 'e rin fan syn libben ferskillende kearen yn kliniken en ggz-ynstellings opnommen wurde moast. *Priis: 24,50.*

Boek yn it Bildtsk. Ald-haadredakteur fan de Bildtse Post, Gerard Marcel de Jong hat in roman yn it Bildtsk skreaun: *Blank fan dagen, griis fan ônrust*. Neffens de Jong moast it boek perfoast yn it Bildtsk skreaun wurde. De haadpersoan, Sierd wrakselet mei fan alles; syn keunst, hy is skilder, mei it Bildt, mei in trauma en mei de leafde. Hieltyd wer moat er kieze: gean ik links of gean ik rjochts. Mar it is o sa dreech foar him om in kar te meitsjen.

□ Ali Bonhof

Witte jo dat .....

- Der op 20 novimber, al nei ien nacht froast, riden wurde koe op de iisbaan fan Winterswyk? It hie yn de nacht mear as 8 graden ferzen.
- Skiermûntseach wer in doarpsomropper hat? De foarige ferstoar ferline jier en waard bot mist. Elk kin him mei fyts, bel en megafoan ynhiere.
- Harsta State yn Hegebeintum no in museum is? It is middeis op woansdei, freed, sneon en snein iepen, foar 2 euro 50. It linker part fan de state wurdt as fekânsjehûs ferhierd.
- Drum- en showfanfare korps Jong Pasveer út Ljouwert en Jong Advendo út Snits fan't simmer earste en twadde wurden binne op it Wrâld Muzyk Konkoers yn Kerkrade?
- Der by't Amelân in ûnderwetterfleaner (12 by 9 meter) test wurdt om enerzjy op te wekken út de stream fan eb nei floed en oarsom? Ien sa'n ding soe goed wêze foar stroom foar 700 húshâldings.
- In grut keunstwurk fan in ko fan 80 meter lang en 4 meter heech skildere is? Dit fanwege it 85 jierrich bestean fan in bedriuw dêr oan de Swette by Ljouwert. Alvestêdetocht-winner Henk Angenent hat it ûnthuld, omdat er op dat plak doe oan syn winnende tocht begûn.
- Heal desimber it Frysk besprutsen is yn de Twadde Keamer? Der binne in oantal moasjes oannmommen dy't ynhâlde dat de regearing tegearre mei de provinjsje sjen moat wat der nedich is om de ûntwikkeling fan de digitale ynnovaasjes om de Fryske spraak nei tekst om te setten te ferbetterjen. Tocht wurdt û.o. oan Frysk pratende soarchrobots. De bydrage fan it Ryk foar Tresoar bliuwt ek bestean.
- Op 14 desimber de earste maraton op natueriis fan dit winterskoft hâlden wurde koe op de iisbaan fan Burgum?
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De foarige kear Spannenburg mei de brêge oer it Prinses Margrietkanaal en de kommunikaasje-toer dy't mei 118 meter it heechste bouwwurk fan Fryslân is.

Laskje
"Lasser met ervaring gezocht, loon 18 - 28 Euro." Teake der hinne. De kandidaat moat earst in stik proeflaskje. Teake lasket in stik. En dan lasket er noch in stik. "Werom laskje Jo twa stikken," freget de baas? "Dy iene is foar 18 Euro en dy oare foar 28."

fryske winkel

boek kado cd idee

skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl ynfo@afuk.nl

Frysk tichtby afûk

Echte Bakker Wouda
Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken

Wouda
De *Echte* Bakker
Hengelo
Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63